

It Tiideigene (proprium)

Advint – Peaskewacht

*It is de bedoeling dat elkenien de **fetprinte** tekst sjongt of seit.*

Bibelteksten dy't tusken tekstheakken [] steane, binne alternativen.

'Psalm' tsjut de ûnberime tekst oan;

'Ps.' de berime ferzy.

ELT: Evangelysk-Lutherske Tsjerke

AKT: Ald-Katolike Tsjerke

RKT: Roomsk-Katolike Tsjerke

Earste snein fan Advint

pears

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Ad te, Domine, levavi

Antifoan

Nei Jo, Heare, giet myn langst út.

Op Jo, myn God, betrou ik.

(Psalm 25:1-2a)

Psalm

Doch my, Heare, jo wegen te witten,
lear my jo paden.

Bewen my yn jo trou en belear my,
want Jo binne de God dy't my útrêdt;
op Jo wachtsje ik al den dei.

Tink oan jo barmhertigens en geunst,
want dy binne fan âlds.

(Psalm 25:4-6)

of: (berime)

Ps. 25:1,2,3

Gebed fan 'e snein (Collecta)

Kom oer mei macht, o Hear, en kom,
dat wy út de driigjende gefaren fan ús sünden
troch jo beskerming rêden,
troch jo befrijing ferlost wurde.
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jesaja 40:1-11 [of 5:1-8]

Graduale

Ps. 25:[4,]6; [Ps. 85]

Epistel

Romeinen 13:11-14a

Halleluja

Halleluja. Ik wie bliid, doe't se tsjin my
seinen: Wy geane nei it hûs fan de HEARE.
Halleluja.

Evangeelje

Mattéus 21:1-9

Liet fan 'e snein

Ges. 122: Kom, o Heilân, kom mei macht

Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)

Kom oer mei macht, o God
en kom nei ús ta,
rêd ús út de gefaren
dy't wy sels oproppen hawwe
en hâld om ús hinne
jo beskermjende hannen.

jier A

Gebed fan 'e snein

Jo,
dy't wurden fan ûnthjit hawwe
foar minsken dy't longerjend útsjogge
nei jo kommen,
lit har de frede
dêr't de wrâld op wachtet,
neieroan bringe
en lit ús sa fernimme
wa't Jo foar ús binne,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	Jesaja 2:1-5
Antwurdpsalm	Psalm 122
Brieven	Romeinen 13:8-14
Evangeelje	Mattéus 24:32-44

Eingebed

God fan Jakob,
lit ús ferrize út 'e sliep
en lit ús gean yn jo ljocht
om de dei te begroetsjen,
dat Hy ferskynt,
dy't yn eigen persoan
jo ûnthjit fan frede is:
Jezus, de Minskesoan,
dy't ús ta it libben liedt,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

jier B

Gebed fan 'e snein

Hoeder fan minsken,
meitsje ús net beskamme
as wy fol ferwachting útsjogge
nei jo ferskinen ûnder ús.
Iepenje ús de eagen
foar it teken fan jo trou
dat Jo ús toane yn Jezus
yn wa't Jo ûnder ús wenje wolle,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	Jesaja 64:1-9
Antwurdpsalm	Psalm 85
Brieven	1 Korintiërs 1:1-9
Evangeelje	Markus 13:24-37

Eingebied

Skepper fan minsken,
lit it wurk fan jo hannen net los,
mar jou dat wy Jo kenne
as Jo foar ús steane
en jo antlit sjen litte
yn in minske fan fleis en bloed,
dy't ús fertroud makket mei Jo,
Jezus, ús broer,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

jier C

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't in freon wêze wolle
foar allegearre dy't jo Namme heechhâlde,
lit de tiid komme
dat jo beloften wier wurde
en stjoer Him yn ús fermidden,
dy't ús oerein hâldt
as hearren en sjen ús fergiet,
en de wrâld skoddet
ûnder ûnrjocht en geweld
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	Sacharja 14:4-9
Antwurdpsalm	Psalm 50:1-6
Brieven	1 Tessalonikers 3:9-13
Evangeelje	Lukas 21:25-31

Eingebed:

Hoeder fan alle libben,
dy't ús by de namme ken,
lit jo skepping
op 'e nij berne wurde
en meitsje in ein oan de nacht
dy't de wrâld fertsjusteret.
Stek yn ús fermidden jo ljocht oan
yn in minske dy't rjocht docht
en ús sjen lit mei nije eagen:
Jezus Messias, ús rêder,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

- Introitus* Populus Sion
- Antifoan Ja, folk fan Sion, sjoch, de HEARE sels
komt fan fierrens oan om de folken te
ferlossen. Hy lit syn keninklike stimme
hearre en jim sille fan herten bliid wêze.
(Jesaja 30:19,27,30)
- Psalm Harkje, Hoeder fan Israel,
Jo, dy't Joazef as skiep driuwe,
Jo, dy't de kearûb-ingels as troan hawwe,
kom strieljend tefoaren
foar Efraïm, Benjamin en Manasse,
en kom om ús te rêden.
Mei jo hân rêste op 'e man oan jo
rjochterhân,
op it minskebern, dat Jo opbrocht hawwe.
HEARE Almachtich, help ús oerein,
lit jo antlit ljochtsje, dat wy rêden wurde.
(Psalm 80:2,3,18,20)
- of: (berime) Ps. 80:1,2
- Gebed fan 'e snein (Collecta)*
Rop, o Hear, ús herten wekker
om foar jo iennichstberne Soan
it paad te sljochtsjen;
dat wy Him by syn kommen
bliid ûntfange
en Jo mei in suver hert tsjinje meie.
Troch Jezus Kristus, ús Hear...
- Profeten Jesaja 2:2-5 [of 40:1-11]
- Graduale Ps. 50:1,4,7
- Epistel Romeinen 15:4-13
- Halleluja Halleluja. Lit ús, HEARE, jo geunst sjen en
jou ús jo heil. Halleluja.
- Evangeelje Lukas 21:25-33
- Liet fan 'e snein Ges. 126: No wurdt it wierlik tinken

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)

Rop ús herten wekker, God,
dat wy wach binne
en bliid ree steane
om jo Soan te ûntfangen
en ien mei Him
Jo fan herten te tsjinjen.

jier A

Gebed fan 'e snein

Bekear ús ta Jo, o God,
en lit jo wurden
ús helpe om oan te nimmen,
dat jo tasizzingen wierheid wurde
mei de komst fan Jezus Messias
foar de hiele wrâld
en alle minsken dy't dêrop wenje,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	Jesaja 11:1-10
Antwurdpsalm	Psalm 72
Brieven	Romeinen 15:4-13
Evangeelje	Mattéus 3:1-12

Eingebed

Jo, dy't fol ûntferming
ús libben yn jo hannen hâlde:
hear ús bidden
en lit jo skepping nij wurde.
Meitsje in ein oan de nacht
dy't de wrâld fertsjusteret
en lit jo Soan it ljocht wêze,
dat wy inoar
mei nije eagen sjen kinne,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

jier B

Gebed fan 'e snein

Ivige God,
dy't fan âlde tiden ôf
jo boadskip hearre lit
troch de mûle fan profeten,
lit ús yn Jezus Messias sjen
wat Jo mei ús wolle,
en meitsje in nij begjin
fan gerjochtichheid en wierheid
ûnder de minsken,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	Jesaja 40:1-11
Antwurdpsalm	Psalm 80:1-8
Brieven	2 Petrus 3:8-18
Evangeelje	Johannes 1:19-28

Eingebed

Jo, dy't ús hope binne
op it kommen fan jo ryk,
lit jo Wurd frucht drage
yn minsklike goedens,
yn fersoening tusken de folken,
yn in frede op ierde,
dy't boppe ús ferwachting útgiet
en ivich wêze sil
om 'e wille fan Jezus jo Soan,
dy't ús leafde foar jo Namme jout,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

jier C

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't troch de ieuwen hinne
oan minsken trou west hawwe,
kom ta ús
en lit jo Wurd ús oanreitsje.
Fernij ús libben troch Him
yn wa't de nije dei begjint:
Jezus Messias, jo rjochtfeardige,
dy't hope jout oan alle minsken
dy't ûnder de sinne libje,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	Maleächy 3:1-4
Antwurdpsalm	Psalm 126
Brieven	Filippiërs 1:3-11
Evangeelje	Lukas 3:1-6

Eingebed

Jo, dy't ús lot te'n goede keare
as wetter yn 'e woestenije,
rjochtsje ûnder ús
tekens fan gerjochtichheid op
en lit de dei komme,
dat minsken en folken frede slute
en de ierde in hûs wurdt
dêr't it feilich wenjen is,
om 'e wille fan Him
yn wa't Jo ús hope fernije,
Jezus Kristus,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Gaudete

Antifoan

Wês bliid yn jimme mienskip mei
de Hear, altiten. Ik sis it nochris: wês
bliid.

Wurd by alle minsken bekend om jimme
freonlikens.

De Hear is tichteby.

(Filippiërs 4:4-5)

Psalm

Jo, HEARE,

hawwe jo lân begeunstige,

yn it lot fan Jakob ha Jo omkear brocht.

Help ús oerein, o God, ús behâlder,

sjoch ôf fan jo wrevel oer ús.

Wis, syn heil is deunby dyjingen

dy't foar Him ûntsach hawwe,

en sa sil syn gloarje wer yn ús lân wenje.

Trou brûst út 'e grûn

en it rjocht komt frij út 'e himel del.

(Psalm 85:2,5,10,12)

of : (berime)

Ps. 85:1,2

Gebed fan 'e snein (Collecta)

O Hear, hâld it ear nei ús gebeden,

en ferljochtsje it tsjuster fan ús geast

troch de genede fan jo kommen.

Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jesaja 35:1-10

Graduale

Ps. 85:3

Epistel

1 Korintiërs 4:1-5

Halleluja

Halleluja. Meitsje de wei foar de HEARE
ree, meitsje syn paden rjocht! Halleluja.

Evangeelje

Mattéus 11:2-10

Liet fan 'e snein

Ges. 125: O kom, o kom, Immanuël

Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)

Sjoch nei ús om, o God,
en harkje nei ús bidden.
Wês ús genedich
en kom nei ús ta.
Lit de sinne fan jo gerjochtichheid
einlings opgean
oer ús hjir op ierde
en oer ús fertsjustere bestean.

jier A

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't blinen de eagen iepenje
en brutsen minsken oerein helpe,
hifkje ús geduld net langer,
mar rêd ús en bliuw by ús.
Befêstigje jo ferbûn
dat ús libben fernijt en blydskip jout,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	Jesaja 35:1-10
Antwurdpsalm	Psalm 146
Brieven	Jakobus 5:7-10
Evangeelje	Mattéus 11:2-11

Eingebed

Jo, dy't jo Wurd trou bliuwe
en minsken rjocht dogge,
bewarje ús by jo Wurd
en lit jo Soan de boade wêze
dy't ús de wei wiist nei in wrâld
dêr't Jo sels ús ljocht binne
en dêr't jo tasizzingen wierheid wurde:
rjochtfearde frede foar alle gearre,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

jier B

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't mei minsken begien binne,
kom en fernij de ierde
troch it ljocht dat skynt yn Jezus,
jo warleaze tsjûge.
Lit ús harkje nei syn stim
en Him folgje yn de leafde foar minsken
dêr't Hy ús yn foargien is,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	Jesaja 65:17-25
Antwurdpsalm	Psalm 126
Brieven	1 Tessalonikers 5:12-24
Evangeelje	Johannes 3:22-30

Eingebied

Jo, dy't antwurdzje
ear't wy ta Jo roppe,
lit jo ljocht opgean
oeral op ierde
dêr't minsken heil ferwachtsje.
Meitsje in nij begjin
en wiis ús de goede wei
fan Jezus jo Soan.
Diel ús jo blydskip mei
en meitsje ús ta wurkers
fan barmhertichheid en leafde,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

jier C

Gebed fan 'e snein

Jo, Hoeder en Rêder fan minsken,
dy't de wrâld bliid meitsje
en minsken ta inoar bringe
yn rjochtfeardige leafde,
lit ús jo leafde sjen
as wy nei jo wurden harkje
en stjoer ús de Boade fan jo trou:
Jezus, ús broer,
de boarne fan hope foar alle minsken,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	Sefanja 3:14-20
Antwurdpsalm	Psalm 85
Brieven	Filippiërs 4:4-9
Evangeelje	Lukas 3:7-18

Eingebed

Jo, dy't by ús wenje wolle,
harkje nei it roppen fan jo minsken
en lit jo ljocht oer ús opgean.
Jou de wrâld hope op frede
en trúnje ús ta deden oan
yn trou en leafde foar minsken
om 'e wille fan Him dy't ús leafhat:
Jezus Messias, jo Soan,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

- Introitus* Rorate coeli
 Antifoan Himel, lit it gerjochtichheid dauje,
 wolken, lit dy as rein delspiele;
 lit de ierde iepengean,
 dat it heil him ûntjaan kin.
(Jesaja 45:8a)
- Psalm De himel ferhellet Gods gloarje,
 fan wat syn hannen makken, fertelt it
 ferwulft.
 De iene dei jout de oare sprake troch,
 de iene nacht leart de oare wittenskip.
 Hy hat yn 'e himel de sinne in tinte set;
 dy komt as in breugeman út syn sliepstee
 wei,
 optein as in held om syn baan te rinnen.
(Psalm 19:2,3,5b,6)
- of: (berime) Ps. 19:1,2
- Gebed fan 'e snein (Collecta)*
 Kom, o Hear, mei macht.
 Stean mei jo grutte krêft ús by,
 dat jo mylde ûntferming,
 dy't troch ús ûngerjochtichheid opkeard wurdt,
 mei gauwens ús diel wurdt,
 troch de help fan jo genede.
 Troch Jezus Kristus, ús Hear...
- Profeten Jesaja 62:8 - 63:4
 Graduale Ps. 145:1,6
 Epistel Filippiërs 4:4-7
 Halleluja Halleluja. Kom, Hear, en bliuw net langer
 wei, kom en befrij jo folk. Halleluja.
- Evangelje Johannes 1:19-28
 Liet fan 'e snein Ges. 128: Skuor, Hear, de himel as in
 klead.

Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)

Kom, o God,
mei jo macht nei ús ta.
Stean neist ús,
mei de krêft fan jo goedens.
Lit net ta
dat jo wil wjerstien wurdt
troch wat wy dien hawwe
en oerwin troch jo leafde
alles wat Jo tsjinstiet
en jo takomst opkeart.

jier A

Gebed fan 'e snein

Ivige God,
fan wa't de ierde is en alles wat derop libbet,
iepenje ús herten
om de tekens te ferstean
dêr't Jo ús yn sjen litte
wat jo bedoelings binne.
Lit ús yn dizze oere sjen
hoe't wy de hope fêsthâlde kinne
by alles wat oer ús komt,
om't Jo by ús binne
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	Jesaja 7:10-17
Antwurdpsalm	Psalm 24
Brieven	Romeinen 1:1-7
Evangeelje	Mattéus 1:18-25

Eingebed

God fan Abraham, Izaäk en Jakob,
wy tankje Jo
foar de wurden en de tekens
dy't ús de dei oansizze
dat jo keninkryk komt.
Wy tankje Jo benammen om har
út wa't it ljocht fan de wrâld
foar ús begûn is te skinen: Maria,
dy't segene is ûnder de froulju.
Jou dat wy allyksa
yn jo beloften diele meie,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

jier B

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't jo tinte opsette wolle
om by ús te wenjen,
iepenje ús de eagen
foar de Boadskipper fan jo frede
dy't it ljocht fan 'e wrâld is,
it Wurd út jo mûle.
Meitsje ús frij
om yn it bern fan de faam
Him te begroetsjen
yn wa't jo beloften wierheid wurde:
Jezus Messias,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Profeten	2 Samuël 7:4-16
Antwurdpsalm	Psalm 132
Brieven	Romeinen 16:25-27
Evangeelje	Lukas 1:26-38

Eingebed

Jo Alderheechste,
foar wa't neat ûnmooglik is,
ferhear ús gebeden
en meitsje in ein oan it tsjuster

dat ús finzen hâldt.
Meitsje de wrâld ta jo wenning
om 'e wille fan allegearre
dy't heil ferwachtsje fan jo wurden,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

jier C

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't de ierde
fruchtber meitsje
troch de dauwe en de rein
fan jo Wurd,
iepenje ús allegearre foar jo libbenskrêft
en kom ús temjitte
yn de Soan fan Maria
dy't it bewiis is fan ús fertrouwen
yn jo ferbûn mei ús,
dat ivich duorje sil.
Amen.

Profeten	Micha 5:1-4a [6]
Antwurdpsalm	Psalm 80:1-8
Brieven	Hebreeërs 10:5-10
Evangeelje	Lukas 1:39-45

Eingebed

Hoeder fan minsken,
dy't ús libben bewarje wol,
wy tankje Jo
dat it lytse foar Jo net te min is
om jo trou oan ús bekend te meitsjen.
Jou dat wy ús hope hâlde op Jezus, de soan fan
Maria,
en dat wy yn syn fuotprinten
it libben yngean meie,
hjoed en alle dagen dy't komme.
Amen.

Berte fan ús Hear Jezus Kristus
25 desimber
Krystnacht

wyt

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus Dixit Dominus
Antifoon

De HEARE hat sein:
Myn soan bisto: hjoed bin Ik dyn heit
wurden.

(Psalm 2:7b,c)

Psalm

Wêrom binne de folken sa rebelsk,
meitsje de naasjes plannen-fan-neat,
stelle de keningen fan 'e ierde har op,
spanne de machthawwers gear
tsjin de HEARE en syn Messias:
Lit ús har bannen brekke,
har stringen ôfstrûpe!
Dy't yn 'e himel wennet, laket,
de Hear slacht de spot mei har.
Mar aanst sprekt Er tsjin har yn grime,
yn syn lilkens ferbjusteret Er har:
Iksels haw dochs myn kening salve
op Sion, myn hillige berch.

(Psalm 2:1-6)

of: (berime) Ps. 2

Gebed fan it feest (Collecta)

Jo, Hear, ús God, dy't dizze nacht
yn de glâns fan it wiere ljocht strielje litte,
jou ús, sa bidde wy,
dat wy ienkear yn 'e himel
de freugde fan dat ljocht belibje meie,
dêr't Jo op ierde it geheim fan iepenbiere ha.
Troch jo ienichstberne Soan,
Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten Jesaja 9:1-6[7]; Micha 5:1-4a;
[Jesaja 11:1-10]
Graduale Ps. 110
Epistel Titus 2:11-14

Halleluja	Halleluja. Lit de himel bliid wêze, lit de ierde jubelje foar de Hear, want Hy komt om de ierde te rjochtsjen. Halleluja.
Evangeelje	Lukas 2:1-20
Liet fan 'e dei	Ges. 132: In Roas is iepensprongen

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Gebed fan it feest (jier A-B-C)

Yn dizze hillige nacht, God,
 is ús in ljocht opgien.
 Lit it djip ta ús yngean
 dat dat ús libbensljocht is.
 Meitsje alle tsjustere nachten ljocht
 troch de hope op jo dagerea.
 Jou ús de blydskip dy't bliuwt,
 no en yn jo ryk dat komt.

jier A-B-C

Gebed fan it feest

Jo, dy't ivich binne en
 dy't nimmen ea sjoen hat,
 Jo, dy't ús God wêze wolle,
 doch jo himel iepen
 en meitsje it ljocht op ierde,
 dat wy yn 'e eagen fan it bern,
 dat dizze nacht berne is,
 jo antlit sjogge
 en foargoed witte meie
 hoe leaf Jo ús hawwe
 en hoe tige Jo mei ús wêze wolle,
 alle dagen en nachten fan ús libben,
 oant yn ivichheid.

Amen.

Profeten	Jesaja 8:23 - 9:7
Antwurdpsalm	Psalm 96
Brieven	Titus 2:11-14
Evangeelje	Lukas 2:1-20

Eingebed

Jo,
boarne fan heil foar alle minsken,
wy tankje Jo foar dizze nacht
no't Jo ljocht brocht hawwe
yn ús bestean
troch de berte fan Jezus,
de Soan fan Maria.
Lit jo keninkryk mei gauwens komme
en lit de hiele wrâld
fol wurde mei rjochtfearde frede
lykas de boaiem fan de see
bedutsen is mei wetter.
Lit jo myldens om ús hinne wêze,
wêr't wy ek geane of steane,
alle dagen en nachten fan ús libben,
oant Jo alles yn allegearre wêze sille,
yn alle ivichheid.
Amen.

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus
Antifoan

Puer natus est

In Bern is foar ús berne,
in Soan is ús jûn.
En se neame Him: Wûnderlike Riedsman,
Sterke God, Heit oer alle tiden,
Fredefoarst.

(Jesaja 9:5)

Psalm

Sjong de HEARE in nij liet,
want Hy hat wûnders dien.
Syn rjochterhân hat Him heil brocht,
syn hillige earm oerwinning.
De HEARE hat syn heil bekend makke,
oan 'e folken sjen litten hoe't Er helpt.
Mei syn geunst en trou
hat Er it hûs fan Israel betocht;
alle ierdryks einen koenen
it heil fan ús God sjen.
Want Hy komt om de ierde te rjochtsjen.
Hy sil it ierdryk rjochtfeardich rjochtsje
en de folken alhiel neffens rjocht.

(Psalm 98:1-3, 9, 10)

of: (berime) Ps. 98:1, 2

Gebed fan 'e dei (Collecta)

Jo, ivige God,
Jo hawwe yn jo Soan
jo Wurd minske wurde litten
en ús oerstreamd
mei it nije ljocht fan jo genede.
Jou, sa bidde wy,
dat wy yn ús dieden útstrielje litte
wat troch it leauwe yn ús geast skitteret.
Troch jo Ienlingssoan
Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten	Jeremia 23:5-8 [31:31-34]
Graduale	Ps. 98:3, 4
Epistel	Hebreeërs 1:1-6 [12]
Halleluja	Halleluja. Mei syn geunst en trou hat Er
it	hûs fan Israel betocht, alle ierdryks einen
	koenen it heil fan ús God sjen. Halleluja.
Evangeelje	Johannes 1:1-14
Liet fan 'e dei	Ges. 142: Foar Jo, Hear Jezus, sjongt ús
liet	

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Gebed fan 'e dei (jier A-B-C)

Dat Jo ús skepen hawwe,
 is in wûnder, God;
 grutter noch is it wûnder
 dat Jo ús werskeppe wolle.
 Jou dan dat wy,
 op 'e nij berne troch Him
 waans berte wy no fiere,
 – Jezus, jo eigen bern –
 fan dei ta dei opwaakse
 yn ferbûnens mei Jo.

jier A-B-C

Gebed fan 'e dei

Libbene God,
 dit is de dei dêr't Jo ús
 jo myldens en trou op betoane
 yn Jezus Messias,
 jo Wurd dat minske wurden is.
 Lit Him goed nijs wêze
 foar alle minsken op ierde,
 oant Jo ús folslein meitsje sille
 yn jo ivichheid.
Amen.

Profeten	Jesaja 52:7-10
Antwurdpsalm	Psalm 98

Brieven Hebreeërs 1:1-12
Evangeelje Johannes 1:1-14
Eingebed

Jo, dy't jo Wurd jouwe
oan dizze wrâld
as in belofte
fan goedens en minskeleafde
yn Jezus, in man fol genede,
lear ús om op Him te betrouwen
dat wy minsken wurde
dy't libje yn jo ljocht,
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

26 desimber

Stefanus, diaken en earste martler

read of wyt

ELT: Twadde Krystdei

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

I: Betinking fan Stefanus

II: by Johannes 1

Introitus

Antifoan

Al sitte hege hearen har tsjin my te
berieden,
jo tsjinner tinkt oan jo foarskriften.

(Psalm 119:23)

Psalm

Lokkich dy't geef fan handel en wandel
binne,
dy't de wei fan de HEARE geane.
Lokkich dy't har oan syn tsjûgenissen hâlde
en Him mei ynmoed sykje.
Jou my libben,
goedgeunstich dat Jo binne,
dan hâld ik my oan wat Jo ferklearre
hawwe.

(Psalm 119:1,2,88)

of: (berime)

Ps. 119:1,2,7

I:

Gebed fan 'e dei (Collecta)

Hear, wy bidde Jo,
lear ús as jo tsjinner Stefanus,
om ús fijannen leaf te hawwen,
yn neifolging fan Him
dy't ús dêryn foargien is.
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jeremia 17:7-10 [1 Keningen 21:1-29]

Graduale

Ps. 119: 11,12,13

Epistel

Hannelingen 6:8-10; 7:54-60

Halleluja

Halleluja. Mei syn geunst en trou hat Er

it

hûs fan Israel betocht, alle ierdryks einen
hawwe it heil fan ús God sjoen. Halleluja.

Evangelje

Mattéus 23:34-39

Liet fan 'e dei Ges. 85: De himel is iepensprongen
II:

Gebed fan 'e dei (Collecta)

Machtige, barmhertige God,
Jo hawwe ús yn jo Ienlingssoan
it Wurd fan it libben
en it Ljocht fan 'e wrâld skonken.
Help ús, sa bidde wy,
dat wy Him mei blydskip oannimme
mei de earen en eagen fan it leauwe
en sa fertrouwe
op wat de Skriften ús ferkundigje.
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Tora	Genesis 1:1-5
Graduale	Ps. 119:11,12,13
Epistel	Hebreeërs 1:1-6 [12]
Halleluja	Halleluja. Mei syn geunst en trou hat Er
it	hûs fan Israel betocht, alle ierdryks einen hawwe it heil fan ús God sjoen. Halleluja.
Evangeelje	Johannes 1:1-14
Liet fan 'e dei	Ges. 150: It Wurd bestie yn 't oanbegjin

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

jier A-B-C

Gebed fan 'e dei

Ivige God,
doch jo himel iepen
en lit ús jo Soan sjen
yn wa't Jo ús de wei wize
nei jo keninkryk.
Lit ús ûnderfine
hoe't wy jo minsken binne,
dy't Jo leafhawwe en befrije,
hoe't wy roppen wurde
om fan Jo te tsjûgjen,
hjoed en al ús dagen,
oant allegearre Jo kenne
as ús God en Heit,

oant yn ivichheid.

Amen.

Profeten	Jeremia 26:1-15
Antwurdpsalm	Psalm 31:1-9
Brieven	Hannelingen 6:8 - 7:2a, 52-60
Evangeelje	Mattéus 23:34-39

Eingebed

Hoeder fan minsken,
wy tankje Jo foar Him
dy't kommen is yn jo Namme.
Wy tankje Jo foar it ljocht
dat oer ús opgien is
en dêr't wy inoar yn sjen meie
mei nije eagen.
Fernij ús fan dei ta dei
nei it byld fan Jezus en al syn tsjûgen
troch wa't wy Jo kennen leare
as de Skepper en Foltôger
fan alle libben,
de takomst dy't foar ús weilein is,
hjoed en al ús dagen.

Amen

28 desimber

Unskuldige bern

read

ELT: Dei fan 'e ûnskuldige bern

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Antifoon

Ut 'e mûle fan lytsen en tatebern
hawwe Jo lof taret
om jo tsjinstanners te plak te setten,
om fijjannen en wraaksuchtigen te
betwingen.

(Psalm 8:3)

Psalm

HEARE, ús Hear,
hoe geweldich is jo namme
oer de hiele ierde.
Jo, dy't jo heechheid jûn hawwe oan 'e
himel.
As ik jo himel beskôgje,
it wurk fan jo fingers,
de moanne en de stjerren,
dy't Jo dêr plak jûn hawwe,
wat is dan in minske,
dat Jo om him tinke,
en in minskebern,
dat Jo him achtslane?
Jo hawwe him
mar in kromke lytser makke as de
himelingen,
him mei glâns en pracht kroane.

(Psalm 8:2,4-6)

of: (berime)

Ps. 8:1,2,3

Gebed fan 'e dei (Collecta)

Jo Hear, boppe alle machten ús God,
dy't út 'e mûle fan lytsen en tatebern
Jo lof taret
en ek oan ûnskuldigen en earmelytsen
jo wûnders dien hawwe,
lit ek yn ús, sa bidde wy,
alle ferdoarnens stjerre,
dat wy, troch de suverens fan ús libben

en de stânfêstens fan ús leauwe,
sels oant yn 'e dea, jo Namme ferhearlikje.
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten	Jeremia 31:15-20
Graduale	Ps. 124 [Ps. 8:4,5,6]
Epistel	Iepenbiering 12:1-6 [14:1-5]
Halleluja	Halleluja! Loovje, bern fan de HEARE, loovje de namme fan de HEARE. Halleluja!
Evangeelje	Mattéus 2:13-18 [23]
Liet fan 'e dei oare	Ges. 154: O Krystnacht, moaier as alle

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Profeten	Jeremia 31:15-17
Antwurdpsalm	Psalm 124
Brieven	Iepenbiering 21:1-7
Evangeelje	Mattéus 2:13-18

Snein nei Krysttyd

wyt

ELT: Earste snein nei Krystfeest

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Antifoan

Doe't rêst en stilte oer alles hinne lei en
in rêde nacht op 'e helte fan syn baan
kommen wie, kaam jo almachtich wurd
fan 'e himelske keningstroan.

(Wysheid fan Salomo 18:14-15a)

Psalm

De HEARE is Kening, klaaid mei majesteit,
de HEARE hat himsels klaaid en útrist mei
macht.

Hy hat de ierde fêstset, dat hja net wifket.
Jo beloften binne troch en troch betrouber,
hillichheid past by jo hûs,
salang as der dagen binne, HEARE.

(Psalm 93:1,5)

of: (berime)

Ps. 93

Gebed fan 'e snein (Collecta)

Machtige, ivige God,

wy bidde Jo:

rjochtsje al ús dwaan en litten nei jo wolbehagen,

dat wy troch jo leave Soan en troch jo Geast

oerfloedich wurde yn goede dieden,

en sa in teken binne fan jo leafde ta ús neisten.

Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jesaja 8:11-15

Graduale

Ps. 45:1,3

Epistel

Galatiërs 4:1-7

Halleluja

Halleluja. De HEARE is Kening, klaaid mei
majesteit, de HEARE hat himsels klaaid en
útrist mei macht. Hy hat de ierde fêstset,
dat hja net wifket. Halleluja.

Evangeelje

Lukas 2:33-40

Liet fan 'e snein

Ges. 147: Sjong, kristenfolk, mei blide
nocht

Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)

O God, wol ús sa oansprekke,
dat wy as minsken fan jo wolbehagen
by ljocht en by tsjuster
jo gloarje besjonge
en jo frede behertigje.
Dan klinkt op jo ierde
de namme fan jo Soan
as in wurd dat wer hope jout.

jier A-B-C

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't ivich binne
en dy't nimmen ea sjoen hat,
op 'e wei fan Jezus Messias
ferskine Jo
oan minsken dy't nei Jo freegje en om Jo sykje.
Wy bidde Jo:
meitsje ús allegearre wurkers fan jo Wurd
dat barre sil
ta heil fan elkenien op ierde,
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

Profeten	Jesaja 61:10-62:3
Antwurdpsalm	Psalm 147:12-20
Brieven	Galatiërs 3:23 - 4:7
Evangeelje	Lukas 2:33-40

Eingebed

God, dy't minsken hoedzje,
slaan om ús hinne
de mantel fan 'e gerjochtichheid,
mei teare ûntferming,
mei goedens en geduld
en lit jo Wurd
as in lampe ús libben ferljochtsje.

Lit alles wat wy sizze en dogge
in utering wêze fan jo leafde ta minsken
yn de fuotprinten fan Jezus,
de Soan fan Maria,
dy't ús liedsman is,
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

31 desimber
Aldjiersdei

wyt

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK
(preeksjinst of fesper)

Introitus

Antifoaan De HEARE hoedet dyn gean en dyn kom-
men fan no ôf oant yn ivichheid.

(Psalm 121:8)

Psalm Ik slach myn eagen op nei de bergen.
Wêr moat myn help wei komme?
Myn help komt fan de HEARE,
dy't himel en ierde makke hat.
De HEARE hoedet dy foar alle kwea,
Hy hoedet dyn libben.

(Psalm 121:1,2,7)

of: (berime) Ps. 121

Gebed fan 'e dei (Collecta)

O Hear, God fan ús libben,
Jo dy't ús fan dei oant dei en fan jier oant jier
hoedzje en noedzje,
wy bidde Jo,
dat alle jierren dy't Jo ús op ierde jouwe
fol binne fan it ljocht fan 'e himel,
dat foar de hiele wrâld ferskynd is
yn jo Soan Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten Jesaja 51:1-6
Epistel Romeinen 8:31b-39
Evangeelje Lukas 12:35-40
Liet fan 'e dei Ges. 398: Der binne goede machten om ús
hinne.

Sjoch ek Psalm 90

1 jannewaris

Nammejouwing en besnijenis fan ús Hear Jezus Kristus wyt

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Antifoon

Troch de namme fan Jezus sil elk yn 'e
himel en op 'e ierde en ûnder de ierde de
knibbels bûge en iepentlik belide: Jezus
Kristus is de Hear.

(Filippiërs 2:10-11)

Psalm

HEARE, ús Hear,
hoe geweldich is jo namme
oer de hiele ierde.
Jo, dy't jo heechheid jûn hawwe oan 'e
himel.
Ut 'e mûle fan lytsen en tatebern
hawwe Jo lof taret
om jo tsjinstanners te plak te setten,
om fijannen en wraaksuchtigen te
betwingen.
Wat is dan in minske, dat Jo om him
tinke,
en in minskebern, dat Jo him achtslane?
Jo hawwe him
mar in kromke lytser makke as de
himelingen,
him mei glâns en pracht kroane.

(Psalm 8:2-3,5-6)

Of: (berime)

Ps. 8

Gebed fan 'e dei (Collecta)

Hear, ús God,

Jo hawwe ús jo Soan skonken

en Him de namme jûn dy't boppe alle oare útgiet,

dat troch de namme fan Jezus

elk de knibbels bûge soe.

Jou ús, sa bidde wy,

dat wy it nije jier begjinne yn Jezus' namme

en sa Jo, Heit, yn al ús dwaan en litten priizgje

ta heil en seine fan dizze wrâld.

Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten	Brief fan Jeremia 1-6
Graduale	Ps. 98:3,4
Epistel	Galatiërs 3:23-29
Halleluja	Halleluja. Myn mûle sil de lof fan de
HEARE	útsprekke en al wat libbet sil syn hil-
	lige namme priizgje foar ivich en altyd.
	Halleluja.
Evangeelje	Lukas 2:21
Liet fan 'e snein	Ges. 161: Ut jo himel fier fandinne

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Gebed fan 'e dei (A-B-C)

O God, de namme fan jo bern Jezus
 is it wurd foar wat Jo mei ús wolle:
 befrijing fan minsken.
 Help allegearre dy't har nei Him neame
 om út har nije frijheid te libjen
 en yn opstân te kommen tsjin alles
 wat slaven fan ús meitsje wol.

jier A-B-C

Gebed fan 'e dei

Jo, Ivige,
 dy't it begjin fan alle dingen binne,
 op dizze dei komme wy ta Jo
 mei in bea om seine,
 freegjend om it Wurd
 dat op ús de namme leit
 fan Jezus, jo Soan
 en ús makket ta jo bern
 dy't libje yn it ljocht
 dat ús krêft en behâld jout,
 hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

Tora	Numeri 6:22-27
Antwurdpsalm	Psalm 8
Brieven	Hannelingen 4:8-12

Evangeelje Lukas 2:21

Eingebed

Jo, dy't barmhertich binne
en ús jo wegen kennen leare,
wy tankje Jo
dat Jo ús by de namme neame
en yn it libben hâlde wolle
troch Jezus, jo Soan.

Bring alle minsken en folken gear
en meitsje fan 'e wrâld in nij paradys
dêr't wy inoar ta in seine wêze kinne
en Josels yn ús fermidden wenje,
alle dagen en jierren fan ús libben.

Amen.

Snein nei Nijjier

ELT: Twadde snein nei Krystfeest

wyt

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Puer natus est

Antifoan

In Bern is foar ús berne,
in Soan is ús jûn.
En se neame Him: Wûnderlike Riedsman,
Sterke God, Heit oer alle tiden,
Fredefoarst.

(Jesaja 9:5)

Psalm

Sjong de HEARE in nij liet,
want Hy hat wûnders dien.
Syn rjochterhân hat Him heil brocht,
syn hillige earm oerwinning.
De HEARE hat syn heil bekend makke,
oan 'e folken sjen litten hoe't Er helpt.
Alle ierdryks einen koenen
it heil fan ús God sjen.

(Psalm 98:1,2,3c)

of: (berime)

Ps. 98:1,2

Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, ús God, himelske Heit,
slaan yn jo goedens acht
op it ferlangst fan jo folk dat ta Jo ropt,
dat wy jo wil kenne meie
en krêft ûntfange om dy te folbringen.
Sa bidde wy troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jesaja 61:1-3,11

Graduale

Ps. 105:1,2,3

Epistel

1 Johannes 5:1-4

Halleluja

Halleluja. Mei syn geunst en trou hat Er
it hûs fan Israel betocht, alle ierdryks
einen koenen it heil fan ús God sjen.
Halleluja.

Evangeelje

Lukas 2:40-52

Liet fan 'e snein

Ges. 164: Jo roppe: Ik bin de Davidsstjer!

Gebed fan 'e snein (A-B-C)

God boppe alles en allegearre,
wês in ljocht,
net allinne foar dy't yn Jo leauwe,
mar lit jo gloarje
de hiele wrâld oer strielje
en meitsje Josels bekend
oan alle minsken
dy't nei Jo útsjogge.

jier A-B-C

Gebed fan 'e snein

Jo, Ivige,
dy't fan it oanbegjin ôf
de minsken ropt
om te libjen foar jo antlit,
wy tankje Jo dat Jo jo tinte
opslein hawwe yn ús fermidden
en by ús wenje yn it stal fan Jezus, jo Wurd.
Jou dat wy troch Him,
dy't wurden fol wysheid sprekt,
op 'e nij berne wurde
as jo minsken, jo bern,
hjoed en alle dagen fan ús libben.
Amen.

Profeten	Jeremia 31:7-14
Antwurdpsalm	Psalm 84
Evangeelje	Mattéus 2:13-15,19-23 of Lukas 2:41-52

Eingebed

Heech te priizgjen binne Jo
dy't ús roppe om te libjen
foar jo antlit.
Heech te priizgjen binne Jo
dy't ús antwurdzje
op ús freegjen en sykjen.
Heech te priizgjen binne Jo
om it Wurd
dat minske wurden is yn ús fermidden.
Wy tankje Jo
om wa't Jo foar ús binne:
ús Befrijer, dy't ús gearbringt
ta mienskip en fermoedsoening,
hjoed en alle dagen fan ús libben.
Amen.